

## **It tekenjen fan it libbenspaad fan pytsje**

earst in simpel lijntsje lûke foar de hoarizon  
dan ien foar de bergen  
dan in blokje dêr't in dakje op kin  
dan wat ruten en in doar  
it hoecht allegear net sa krekt  
meitsje it jinsels net te muoilik

dat binne de ynstruksjes dy't pytsje de jong krijt  
op in tiisdei te moarn yn oktober yn it fersoargingstehús  
yn bûtenpost

nei de spruten mei spek en it fet  
dat like ryklik út 'e teekanne oer de ierappels skonken wurdt  
as de smeuge ferhalen fan pytsje yn ús toastige earen  
tink ik wat noch mist yn dat nije skilderij is in kanaal  
om mei in bak kofje en twa werpangeltsjes  
in snoekbears fan 72 sentimeter te fangen

achter dy trije pealtsjes mei stikeltried dy't de juf krekt foartekene  
kinne wol wat sânrapen plante dy't pytsje as bern yn de spurry wosk  
en dan mei de tosken skylde

út ien fan de rutsjes koe se wol de twa earms hingje litte  
fan har man marten dy't doe't se noch mar krekt ferkearing hienen  
út de sliepkeamer fan syn âlderlik hûs wei  
stiekem de skuon nei bûten smiet nei wêr't pytsje stie  
omdat er fan syn grifformearde heit en mem  
net mei har de dûnsflinter op mocht

ik bin noch net klear mei myn suggestjes foar it nije keunstwurk  
dêr't pytsje hjoed oan begjint en dat se nije wike ôfmeitsje sil  
ek al tinkt se faak ik bin sa âld  
it sil hast dien wêze  
en is sa dôf as in koartel

## het tekenen van de levenswandel van pytsje

eerst een simpel lijntje trekken voor de horizon  
dan een voor de bergen  
dan een blokje waar een dak op kan  
dan wat ramen en een deur  
het hoeft allemaal niet zo precies  
maak het jezelf niet te moeilijk

dat zijn de instructies die pytsje de jong krijgt  
op een dinsdagmorgen in oktober in het verzorgingsstehuis  
in buitenpost

na de spruitjes met spek en de jus  
die even rijkelijk uit de theekan over de aardappelen geschonken wordt  
als de smeüige verhalen van pytsje in onze dorstige oren  
denk ik wat nog mist in dat nieuwe schilderij is een kanaal  
om met een bak koffie en twee werphengeltjes  
een snoekbaars van 72 centimeter te vangen

achter die drie paaltjes met prikkeldraad die de juf net voortekende  
kunnen wel wat zandrapen geplant die pytsje als kind in de spurrie waste  
en dan met de tanden schildde

uit een van de raampjes zou ze wel de twee armen laten hangen  
van haar man marten die toen ze nog maar net verkering hadden  
uit de slaapkamer van zijn ouderlijk huis vandaan  
stiekem zijn schoenen naar buiten smeed naar waar pytsje stond  
omdat hij van zijn gereformeerde vader en moeder  
niet met haar de dansvloer op mocht

ik ben nog niet klaar met mijn suggesties voor het nieuwe kunstwerk  
waar pytsje vandaag aan begint en dat ze volgende week af zal maken  
ook al denkt ze vaak ik ben zo oud  
het moet wel bijna afgelopen zijn  
en is ze zo doof als een kwartel

oer de dyk foar de blokken mei it dakje is pytsje wer jong  
kin se de twa silhouetten fan har broers dy't nei de oarloch  
meager út it kamp yn willemshaven weromkamen  
op hûs oan rinne litte kinne

of har eigen mem der delsette  
dy't by jûntiid om har dochter ropt  
pytsjôé - pytsjôé - thúskomme

der kin in soad by op it skilderij  
dat pytsje nije wike ôfmeitsje sil

it mei om my er allegear tagelyk op  
want sa sit it ús bytiden de tiid ek yn `e kop  
alles tagelyk en op it lêst alles troch inoar of foetsy

ik hoopje fral dat it yn dy wrâld wat bite wol  
dat de dobber kreas tippet  
en marten op in dûnsflier de skuon oan hat  
foar in flotte fokstrot of in tango

as der wat te min reuring is tekenet pytsje  
der mar wat appelbeamkes by  
dan is se sa wer yn de tún fan meester dykstra  
dy't lekkere apels oan `e beam hie

sa wer werom by har freondin dy't fan skrik  
omdat pytsje miende dat se meester seach  
de stikeltried sakje liet dy't se foar pytsje  
omheechhâlde moaten hie

allegear reade spikkels hie se  
yn `e billen

over de weg voor de blokken mei it dakje  
zou ze de twee silhouetten van haar broers die na de oorlog  
mager uit het kamp in willems haven terugkwamen  
richting huis laten lopen

of haar eigen moeder er neerzetten  
die 's avonds om haar dochter roept  
pytsjóéh - pytsjóéh - thuiskomen

er kan veel bij op het schilderij  
dat pytsje volgende week af zal maken

het mag van mij er allemaal tegelijk op  
want zo zit ons soms de tijd ook in het hoofd  
alles tegelijk en op het laatst alles door elkaar of foetsie

ik hoop vooral dat het in die wereld wat wil bijten  
dat de dobber mooi op en neer gaat  
en marten op de dansvloer de schoenen aan heeft  
voor een vlotte foxtrot of een tango

als er wat te weinig reuring is tekent pytsje  
er maar wat appelboompjes bij  
dan is ze zo weer in de tuin van meester dijkstra  
die lekkere appels aan de bomen had

zo weer terug bij haar vriendin die van schrik  
omdat pytsje dacht dat ze meester zag  
de prikkeldraad liet zakken die ze voor pytsje  
omhoog had moeten houden

allemaal rode spikkels had ze  
in de billen

*(Gedicht over mevrouw Pytsje de Jong, geschreven door Tsead Bruinja)*